

By Durk syn fiifensantichste jierdei

FD 18.02.2006 s.28

troch Tsjerk Veenstra

Wy neame ús skriuwers by de foarnamme: 'Hasto de nijste Riek al lêzen?' 'Durk hat alwer in roman klear!' En it binne 'ús' skriuwers. Dan seit it himsels dat wy harren ek in jierdeiskadootsje jouwe. Op 6 septimber fan ferline jier is Durk van der Ploeg 75 wurden en syn útjouwer, Friese Pers Boekerij, hat dat presintsje makke en Jelma Knol hat it besoarge.

Tolve minsken hawwe stikken skreaun, dy't sammele binne yn it boekje *Dreame fan in oare wrâld. Jierdeiu'tjefte foar Durk van der Ploeg*. Der steane ek foto's yn, mar in echt skriuwersprinteboek mei in soad foto's en data is it net wurden, dat dat moat in oare kears nochris. Of soe dy skoandere rige *Skriuwers yn byld* opholden wêze? Ik wit wol in tal skriuwers foar noch fiif dieltsjes.

'Dreame is suver in kaaiwurd yn it literêre wurk fan Durk van der Ploeg', sa begjint Knol har ynlieding en dêr koe se wolris gelyk oan hawwe. Al hoe realistysk as it proazawurk ek liket yn it beskriuwen fan lânskip, omstannichheden, feiten en minsken, alles stiet yn it ramt fan de Ferbylding of de Langst. It langjen fan syn haadfiguren nei bettere libbensomstannichheden yn de takomst, mar ek de langst nei it burgen wêzen, nei it ljochte fan it ferline doe't alles noch oersichtlik wie yn organysk ferbân mei de natoer dy't de minsken makket. Of makke kinne wy better sizze, want wy libje op it 'knierpunt' dêr't it elemintêre wykt foar it keunstmjittige', sa't Bertus Mulder dat ferwurdet yn de earste bydrage fan it boek.

'Thúskomme yn Ealsum' is de

titel fan syn bydrage en hy ferfrisselet dêryn skôgingen oer Ealsum as doarp, deun by de stêd Dokkum, de romans *De jacht en Sykjend nei it lêste hûs* en Van der Ploeg syn dichtbondels *Troch kadastrale fjilden* (2003) en *Tremor Terrae* (1975). Syn wichtichste konstataarring is dat it yn Van der Ploeg syn wurk giet om 'lok en ljocht', burgen wêzen en fergonklikheid, ôfstân en langst. Mulder yllustrearret dat mei sitaten út de romans en gedichten: op syk nei it lêste hûs dat stiet foar 'keamer, mem, ljocht, waarmte', mar 'wat ik fûn wie in oerwoekere hûssteed'. Van der Ploeg syn fassinaasje foar âlde hûsteden soe hjirmei ferklearre wêze: sy binne de tekens fan de waarmte dy't wie en sy binne de konkrete tekens fan de fergonklikheid dêr't syn personaazjes as gekken yn op syk binne nei 'lok en ljocht', yn wêzen nei 'de mem', nei 'it hiele'.

Durk van der Ploeg waard berne yn Hoogkarspel (1930), mar groeide op yn Ealsum, gie yn Dokkum nei de legere skoalle en wurdt dêrnei lytsfeint by in houthannel yn dy stêd dêr't ek boekhandel Kamminga huzet. Noch foar syn sechstjinde giet er yn it printersfak en keapet in soad boeken by Kamminga as dy der mei ophâldt. Hy komt dan by Schaafsma en Brouwer te wurken en letter op de printerij fan it *Friesch Dagblâd*, dêr't ek *De Stim fan Fryslân* printe wurdt. Hy ûntjout him ta in earsten opmakker en ûntwerper fan binnen- en bûtenwurk fan boeken en oare útjeften. Fia *Frysk en Frij* komt er by de *Leeuwarder Courant* dêr't ek de *Friese Koerier* printe wurdt. De setter en opmakker wurdt einredakteur fan Frysk en



Durk van der Ploeg. Foto: Frans Andringa

Frij en redakteur fan *De Tsjerne*, dat Van der Ploeg is rûnom en set syn printmerk op hiel wat útjeften nei foarm en ynhâld. Dizze en noch folle mear ynformaasje lêze wy yn de bydrage fan 'de Almenak fan Fryslân', Pieter de Groot dy't sa't it liket alles fan elkenien yn Fryslân wit. Hy makket nammers ek tankber gebrûk fan Tiny Mulder har petear mei Durk van der Ploeg yn *Wêr hast it wei fan likernôch 1970*, in bondel petearen mei skriuwers, dêr't wolris in ferfolch op komme mocht.

Jabik Veenbaas hat syn bydrage oer it dichtwurk fan de jierdeifierende auteur de titel 'Ik sykje in hûs' meijûn. Hy komt fia it sykjen nei in religieus hûs yn it begjin ta de konklúzje dat it by eintsjebeslút giet om in 'thúsleaze siele': gjin hûs en gjin mem. Yn it fers 'De lánmjitter' seit de dich-

ter Van der Ploeg it sa:

'Swalkje ik novimbers troch jim krite, jim binne der

Net. Jim kalme trekkers bealgje wûnen yn de ierde.'

Leo Popma fertelt op ûnderhâldende wize it ferhaal fan Durk en syn problematyske bân mei dat hûs dat 'De Tsjerne' hjit, dat literêre tydskrift dat as hûs ôfbrutsen wurdt ein sechstiger jierren. Der falle gjin deaden, mar guon redaksjeleden rinne wol blessueres op en Durk hâldt nei acht jier de eare oan himsels. Alde pleatsen mei tsjerniharnen moatte wolris sloopt wurde om plak te meitsjen foar nije Trotwaers.

Jetske Bilker is tige optein oer it lettere wurk en is it mei Van der Ploeg iens dat Fryske skriuwers 'in soad oer de grins lêze moatte'. (Van der Ploeg hat sels jierrenang bûtenlânske literatu-

er foar de Ljouwerter besprutsen.) Marga Claus hat útfûn dat der ûnder de sechstich foto's fan Van der Ploeg yn it FLMD / Tresoar ien is dêr't de auteur sprekend liket op James Joyce, de Ierske wûnderskriuwer.

Fierderop jouwe Doeke Sijens, Douwe Kootstra en Jos Thie harren fizy op in tal romans en fynt de âld-Tryaterregysseur dat *Foarby it Boarkumer fjoer* ferfilme wurde moat, want: 'Dat verdient Durk van der Ploeg, dat verdient Fryslân, dat verdient de hele wereld.' Sa is dat! En graach in regisseur fan oer de grins.

De jierdeisútjefte beslút mei twa ynventarisearjende stikken as foarstúdzjes op mear: Thys van der Veen wit in hiel soad fan de topografyske plakken yn Van der Ploeg syn romans en Dick Eisma fettet alle besprekken gear dy't sa foar en nei, sûnt *In man en in minske* út 1968 noch santjin titels proaza, oer syn wurk skreaun binne mei dêryn in handich literaturoersjoch. In hûd fol wurk, mar foar fierdere stúdzje treflik ark.

Yn 1992 doe't Van der Ploeg ophold fan wurkjen, gie er oan it wurk mei dizze himsels opleine opdracht: 'Ik wol proaza skriuwe oer gewoane streekroman-ûnderwerpen, mar dan hiel oars en net werom te kennen as boerroman. Dêr bin ik mei oan it eksperimintearjen.' Eksperimint slagge, opdracht wurdt fuortset. Moai jierdeispresintsje, mar it moaiste kado is in nije roman fan de master fan de lêste hûzen fan hâld-oan yn de Dongeradielen.

Hjir besprutsen: Dreame fan in oare wrâld, jierdeiu'tjefte foar Durk van der Ploeg, Friese Pers Boekerij, Ljouwert, 2005, 160 siden, priis: 15 euro.